



181204

Drachten, 4 desimber 2018

Achte FFU-lid,

Neffens ús administraasje hawwe jo it ledejild foar 2018 noch net betelle.

Graach soenen wy de jierlikse bydrage fan € 10 – in heger bedrach is fansels altyd wolkom! – yn 'e mjitte sjen. De bydrage graach oermeitsje op: **NL 17 INGB 0002 3560 38** mei fermelding **ledejild 2018** op namme fan: **FFU Feriening Frysk Underwiis, E. Knotter, ponghâlder FFU, Beetsterzwaag.**

As jo oer 2017 en faaks oer 2016 noch net betelle hawwe, wolle jo dat dan ek yn oarder meitsje!

Op ûnderwiismêd is op 't heden in protte te rêden. Sa is yn it ramt fan it provinsjaal belied *Taalplan Frysk* in ûndersyk útfierd nei wat basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis oan it Frysk dogge. It rapport mei as titel *It is mei sizzen net te dwaan* jout oan dat de ferskillen grut binne: skoallen, dy't besykje alle keardoelen Frysk oan bod komme te litten oant skoallen, dy't allinne mar de bern in positive hâlding foar it Frysk krije litte wolle sûnder Fryske les te jaan. Hoe betinke jo soks wylst it Frysk in ferplichte fak is!

Fierder is in groep ûnderwiisminsken dwaande om nije keardoelen Frysk te ûntwikkeljen. Lanlik wurde foar alle fakken yn basis- en fuortset ûnderwiis de easken wer tsjin it ljocht hâlden. De lêste feroaring wie yn 2006 en doe binne dy foar it Frysk yn nivo ferlege! Spannend, want sille de keardoelen Frysk no wer fierder útklaaid wurde of krekt ús taal mear rjocht dwaan?

As bestjoer hawwe wy yngeand oerlis en kontakten mei organisaasjes en persoanen dy't dêr in rol yn spylje. Sa hawwe wy yn oerlis mei de Ried fan de Fryske Beweging de provinsje in saneamde *skaad*-BFTK 2019-2023 takomme litten mei in mear lykberjochtige plak foar it ûnderwiis yn it Frysk. In BFTK is in bestjoersoerienkomst tusken Ryk en provinsje oer in tal saken it Frysk oanbelangjend. Op 30 novimber 2018 hat de minister fan Ynlânske Saken yn Ljouwert west om dy oerienkomst foar 2019-2023 te tekenjen.

De ûnderfining hat ús leard dat de leden in gearkomste oer ûnderwiissaken gjin prioriteit jouwe. Spitich! Wy hâlde jo op 'e hichte mei in tastjoerd jierferslach. Jo finansjele bydrage is nedich, mar ek (ynhâldlike) stipe stelle wy o sa op priis. Jo kinne altyd berjocht jaan nei it e-adres fan de skriuwer ffupost@hotmail.com.

Mei hertlike tank en freonlike groetnisse,
út namme fan it bestjoer,
Ed Knotter, ponghâlder FFU